

GEMEENTERIED MENAMERADIEL

Menaam : 22 desimber 2015

Punt : 9

Underwerp : list mei tasizzings

De list mei tasizzings wurdt troch de ried trochnommen.

Tasizzingen gemeenteried				
Datum	Tasizzing	Aksje	Streefdatum	Ôfdien
28 augustus 2014	Ynformaasje oer de takomst fan it ûnderwiis fan Bitgummole, Bitgum en Ingelum. De wethâlder sil de hear Van der Lei en de rie de antwurden op de fragen tastjoere.	Wethâlder Dijkstra		Ôfdien 5 novimber 2015
Tasizzingen ried				
5 july 2012	Punt 7 weryndieling: nei oanlieding fan it ynlutsen amendemint fan de PvdA, FNP en Griem Links oer eventuele grinskorreksjes seit boargemaster Van Mourik it folgjende ta: It kolleezje sil tidens it weryndielingsproses ynvesteare yn de winsken fan inkele doarpen oan de eastkant fan de gemeente en kontakten hjirfoer hawwe mei de mooglike fúzjepartners. Sadat nei de fúzje in grinskorreksje snel te realisearjen is as der ferlet fan is by de doarpen.	Boargemaster Van Mourik		Ôfdien 5 novimber 2015
10 oktober 2013	Boargemaster van Mourik, De sin “Na de fusie kan een evaluatie plaatsvinden” kin frijblieuwend oerkomme, van Mourik seit ta dat dit yn it weryndielingsuntwerp oars omskreaun wurde sil	Boargemaster van Mourik		Ôfdien 5 novimber 2015
30 oktober 2014	Wethâlder Pen seit ta om in notysje te meitsjen oer de ôffalstoffenheffing	Wethâlder Pen		
13 novimber 2014	Yntegrale fergunning foar sportferienings. (Net trochwurkje nei de leesjes feroardering)	Boargemaster van Mourik		Ôfdien 5 novimber 2015
11 desimber 2014	Ynkomen stikken, oangeande punt 1 FNV norisk polis, wat de reaksje fan it kolleezje hjirop is. Wethâlder Dijkstra komt dêr op werom.	Wethâlder Dijkstra		
11 desimber 2014	Wiziging GR Tsjinst SoZaWe, Wethâlder Dijkstra seit ta dat op momint dat de tsjinst iennige foarm fan belied tariede wurdt de kommisje yn de gelegenheid steld wurdt om foarôf ynput te leverjen.	Wethâlder Dijkstra		
23 april 2015	Ynformaasje fan it kolleezje, hoe't it kin dat de kosten foar tafersjoch op rekreaasje/toerisme op it wetter trije kear	Boargemaster van Mourik		

	sa heech wurden binne. Foarsitter stjoert it antwurd nei.			
28 mei 2015	Op'e nij ikerjen subsydzjes, de wethâlder Dijkstra seit ta dat der elts jier in aktualisearre oersicht komt.	Wethâlder Dijkstra		
18 juny 2015	De hear Sinnema (FNP) freget wat de needsaak fan de ramtnota is. Eins is allinnich de list mei ynvestearrings noch ynteressant. Kin de nota net mei de programmabegrutting mei? Foarsitter stelt út dat yn it auditkomitee oan de oarder te stellen	Auditkomitee		
27 augustus 2015	Mefrou Tijsma (FNP) hat in klacht krigen fan in boarger dy't net yn it Frysk te wurd ston wurde koe oan de baly fan it gemeentehûs. Foarsitter siket it út en komt derop werom.	Boargemaster van Mourik		Ôfdien 5 novimber 2015
27 augustus 2015	De hear Van der Lubbe (PvdA) mist de tasizzing fan wethâlder Pen dat de NHL frege wurdt in 3d-model te meitsjen fan bedriuweterrein Dronryp.	Wethâlder Pen		
Moasje(s) yn útfiering				
Datum	Ynhâld moasje	Yntsjinne troch	Status / streefdatum	Ofdien
13 novimber 2014	Stipe Pleatslike Belangen doarpen foar mear selsredsumens	FNP	1 april 2015	
Skriftlike fragen riedsleden				
Datum		Yntsjinne troch	Status / streefdatum	Ofdien

Menaam, 22 desimber 2015

De gemeenteried fan Menameradiel;

De griffier,

de foarsitter,